

# Friese ljeppers maken zich nog geen zorgen

Door Edwin Fischer

**BUITENPOST** – Het contrast was levensgroot. Woensdagavond sprong Jaco de Groot in het Hollandse Vlist een afstand van 20,66 meter. Hij won daarmee de tweede wedstrijd van het fierljepseizoen van de PBH, de Hollandse bond. Hannes Scherjon was gisteravond in Buitenpost, tijdens de tweede FLB-wedstrijd, de beste Friese senior. Met slechts een sprong van 17,91 meter.

„Fan dy 20,66 skrik ik net hear”, reageert Hannes Scherjon na zijn zege. Hij had nog niet gehoord van de uithaal van de Hollandse topper. „Mar it is al Jaco eigen, sa betiid yn it seizoen hiel fier springe. Dat hat hy al faker dien, mar dan kaam hy der nooit wer oan yn dat seizoen.”

Scherjon maakt zich dus niet druk, ook niet over zijn eigen zege op de schansen van Buitenpost. De Noardburgumer ljept dit jaar met een andere instelling.

„Ik ha dizze winter hiel oars traint. Mei mysels en net mear ûnder lieding fan Bjinse Wolters. Dat wie altyd wol goed, mar ik woe it oars dwaan. Ha folle mear op gefoel traint. En nei myn lichem lústerje. As ik net fit wie, dan gong ik oars altyd wol



Hannes Scherjon won gisteravond in Buitenpost de tweede competitiewedstrijd.

Foto LC/Jan de Vries

trainen. Dan woest net ôfheakje of fuortbliuwe, omdat der in trainer stie. No bin ik yn sokke gefallen net trainen gien.”

Om afstanden maakt Scherjon zich ook nog niet druk. „Ik wol lekker springe, my goed fie-

le. En ja, it is moai dat ik win, mar ik stean no net te springen hear. En ik lit my ek net gek meitsje troch in fiere sprong fan Jaco.”

Dat doet Thewis Hobma ook niet. Al was hij wél onder de in-

druk. „Ik ha in sprong fan Jaco op in filmke sjoen en hy hat syn technyk spektakulêr ferbettere. Dat is echt hiel bysûnder. Syn oanrin en ynsprong binne hiel oars en dêr pakt hy dochs in protte winst op yn fergelyking

mei oare jierren.”

Zelf is Hobma nog niet al te goed in vorm. „Ik ha yn de tarieding mar in sprong of tsien makke. Dat is net in soad. Hat Bart der hast njoggentich makke? Dan hat'er wol in grutte foarsprong op my. Mar ik ha wol goed traint en bin fitter as foarich jier, dus ik kom der aansten wol oan.”

Dat is ook de mening van Ysbrand Galama, die achter Scherjon en Thomas Helmholt (17,72) met 17,48 derde werd. „Ik ha ek net folle sprongen op de training makke. Ik rin hiele dagen yn it lân skriezen te ringjen en dan mei dy kjeld jûns oer it wetter, of soms deryn, dêr hast dan gjin nocht oan. Mar it moaie waar komt der oan en ik ha mei in pear wiken de goede foarm wol wer te pakken.”

Die vorm had Nederlands kampioen en nationaal recordhouder Bart Helmholt, hij wist zich niet eens voor de finale te plaatsen, gisteravond niet. „De skâns is wat oars as yn Burgum en dêr koe ik net sa goed oan wennen.”

Dat zijn grote concurrent zijn Nederlands record (21,01) al tot op 35 centimeter naderde, deed Helmholt niet zoveel. „It is in hiele moaie ôfstân, mar dy leste 35 sintimeter is in hiel protte hear. Dat springt hy net samar derby.”